

It binne elektromagnetyske weachjes fan tusken likernôch 380 en 780 nanometer lang. It ferpleatst him mei in faasje fan 299.792.458 meter de sekonde. Us wichtichste natuerlike boarne derfan is in stjer op in lytse 150 miljoen kilometer ôfstân.

Ljocht is fan libbensbelang. It ljocht syn yntrinsike wearde en skientme, foar it tsjuster oer, is in universele minsklike ûnderfining. Ljocht sjocht men as fansels as (attribút fan) it wiere, it goede, it heechste. Mar kinne minsken alle ljocht ferneare? En wurde wy net fan strieljend dwylljocht soms betsjoad?

It ljocht is it libben, neffens in metafoar sa âld as de poëzij. Wy sjogge it ljocht, oant *Sinn' dol-duwck't ijnn' wetters gruwne*. Mar der is altyd noch keunstljocht: waarme lampen en kâld sykljocht.

Ljocht brekt. Ljocht tekenet de skaden. Ljocht kringt ús de eagen binnen. Sûnder ljocht gjin kleur. Sûnder ljocht gjin fotografy, gjin inkeld byld. Wy binne wend oan in tiid wêryn't it byld it primaat hat boppe de wurden. Faaks dat wurden it ljocht noch krekt fange kinne. Of binne ús wurden dochs lykas it ljocht dat de bylden kenber makket?

Alve gedichten, twa ferhalen en twa yllustraasjes ûndersykje 'ljocht' fan ferskate kanten, yn dit maitiidsnûmer fan *Ensafh*. Dat giet fan it ferwurkjen fan ferlies, oer it mystike en it fisionêre, nei boartlike observaasjes, ljochtskouwe útflechten en de neakene wierheid. En mear noch.

Yn de earste fjouwer alineas hjirboppe haw ik safolle klisjees oer 'ljocht' útstruid dat de betsjutting derfan suver fertsjustere rekke wêze sil. Lês dêrom foaral de tema- en oare bydrages yn dizze *Ensafh*!

André R. Looijenga

Ynhâld

- 3 Redaksjoneel
- 4 Marije Roorda
Skimer
It leafst
- 6 Jaap Krol
Dik
- 9 Margreet de Jong
Ljocht
- 10 Wilco Berga
Kontoeren
Foto fan dy en my
De bearzen
De feart
- 14 Jannie Roodhof
Funerêr erfgoed
Foarriedich ferhúsberjocht

- 16 Anne Feddema
Read... Giel... Blau...
- 19 Sigrid Kingma
Transfúzje
Synteze
- 21 André Looijenga
Godlik ljocht
- 28 Aggie van der Meer
En him baaie kin yn it ljocht
- 32 John Bosma
(sûnder titel)
- 33 Geart Tigchelaar
Dreamen en ellinde yn it beloofde lân
- 36 Cornelis van der Wal
Kalma (twa fragminten)
- 38 Meindert Reitsma
Tipeljendewei
- 43 Reinold van Oevering
Rampflecht
- 44 Piter Boersma
De tragedzje fan Harry Jaarsma
- 49 Simon Oosting
plak delikt
- 50 Geart Tigchelaar
Katrup (DK), 30-1-2015: Hej Elmar
- 53 Elmar Kuiper
Húns, 28-2-2015: Ha dy Geart